

Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”

Ynhald maart 2022

Bêste kriteleden en freonen	2
Ferlotting en tagongsprizen	4
Het verdriet van de Zuiderzee	5
Gjin C te heech!	8
Ferslach fan lytse jûn	10
Frysk Folksliet	12
Skûtsjesilen 2022	13
Maaitiid	14
Bestjoer Fryske Krite Hoarn	16

Kvk. Nummer: 5324 1274

Rabobank rekken: NL54 RABO 0162 2705 77

Lid fan It Frysk Boun om Utens

www.fryskbutenfryslan.nl

Bêste kriteleden en freonen.

Tusken it rûtenhimmeljen, it reedriden út Hamar en alle wrâld geweld troch, bin ik oan it skriuwen foar in stikje yn it boekje fan de Fryske krite "Troch de Tael Forboun".

It wier spitich dat ús twadde grutte jûn troch de corona net troch gean koe. Mar gelokkich wie de lytse jûn op 25 febrewaris, goed slagge. In moaie opkomst fan de leden. Douwe Kamstra fertelde oer skilderkeunst en de fryske skilders yn it besûnder. Sa learden wy wat mear oer keunst.

En no geane wy op nei ús lêste joun op 26 maart. Dan komt kabaret "Noordenbos en Ko". Se komme mei in moai programma, sa as wy fan harren wend binne. It hat de namme "Gjin C te heech". We sjogge der as bestjoer nei út en hoopje dat jimme dan nei de Huesmolen komme. Nim famylje en goekunde mei, it is de muoite wurdich. Yn it skoft soarget Anjo Boonstra foar in fleurich stikje muzyk. It is foar folle minsken út de Oekraine oarlochg. It docht tinken aan jierren ferline. No is it samar wer tichteby, yn Europa. En allegearre hoopje de minsken, dat it geweld stopje mei, de minsken wer by sinnen komme. Ik hoopje op ús joun, dat it dien is. Dat der net mear fjochten wurd en it opbouwen wer beginne kin. Mar ik wit net, ik wit net !!!!

Wy binne alwer oan it tinken foar it winterskoft 2022-2023. Wat soe it moai wêze as alles dan wer "normaal" is. Earst sjogge wy út nei de maitiid mei

de blommenpracht en de fûgels dy 't sjonge yn de loft. Dan komt de simmer mei ,hoopje wy , sinniche dagen. Ik hoopje en ek de oare bestjoersleden, dat wy aardig troch de tiid hinne komme. Dat wy sûn bliuwe meie en ek dat ús krite noch wat fierder kin. De krite wurd âlder en ek har leden. Jongeren komme net mear nei de krite ta. Ik kin my dat wol yntinke. Mar foar de krite is dat spitich. Wy hoopje noch mooie jierren mei elkoar to hawwen. Ik sjoch jimme graach op 26 maart yn de Huesmolen. De leden dy't net komme kinne, winskje ik út namme fan it bestjoer, in goeie tiid ta. Yn 'e neisimmer sjogge wy inoar, hoopje ik, wer. Oan 't sjen op 26 maart of miskien in oare kear as it no net past. Pas goed op elkoar en by syktme of as der wat to fierer is , jou it troch oan immen fan it bestjoer.
Foar allegearre in waerme hân en folle groetnis.

Tiny Dijkstra de Vries.

Ferlotting en tagongsprizen

Lidmaatskip en tagongsprizen:

It lidmaatskip foar ien persoan is 15,00 euro foar in hiel jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie). Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden 5,00 euro en foar **net leden 12,50 euro** mar de lytse jûn is fergees. Opjefte foar it lidmaatskip kinne jo dwaan by de ponghâlder de hear P. Slange

De sealpriis op de grutte jûnen:

Jo kinne dizze sealpriis winne as jo yn 'e seal sitte op ien fan ús grutte jûnen. By de yngong krije jo in nûmer dat kâns jout op dizze sealpriis.

De ferlotting yn it skoft:

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt der in ferlotting hâlden. De prizen bestean meastentiids út in blomke, oranjekoeke, fleske wyn of oare aardichheden. Jo kinne yn it skoft lotten keapje foar 5 euro en dan krije jo 10 lotsjes fan elk 50 eurosint it stik. Altyd priis by de keap fan 10 lotsjes.

Autoferfier:

Leden dy't yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinne kontakt opnimme mei ús skriuwer de hear Vogel (yellowbirds53@gmail.com).

Lief en Leed

Lief en leed berjochten kinne jimme trochjaan oan:

Tine Bouman-Westra

HET VERDRIET VAN DE ZUIDERZEE

**Verzeker je nu van een kaartje en beleef dit
unieke schouwspel aan de rand van het
IJsselmeer.**

In de nazomer van 2022 presenteren muziektheatergezelschap Orkater en De Lawei in het kader van Arcadia 2022 opnieuw een muziektheatervoorstelling op een unieke locatie; het Oudemirdumerklif.

De voorverkoop van deze voorstelling, aan de rand van het IJsselmeer, start op 23 februari om 12 uur.

Waar Lost in the Greenhouse speelde in de tomatenkassen van Sexbierum, wordt Het Verdriet van de Zuiderzee gemaakt op een locatie van Natuurmonumenten, die het klif in de jaren '30 als één van hun eerste natuurgebieden aankocht. Op deze bijzondere locatie maakt de Friese Orkater maker Geert Lageveen een onvermijdelijke muziektheatervoorstelling met weids uitzicht over het water dat alles nog weet. Het Verdriet van de Zuiderzee gaat in première op 13 augustus, de kaartverkoop is nu van start gegaan. Bestellen of meer informatie vind je op www.verdrietvandezuiderzee.nl

Het verdriet van de Zuiderzee

De afsluitdijk. Een knap staaltje waterwerken waar de hele wereld van opkeek. Het zorgde voor veiligheid, betere verbindingen en nieuw land. Maar met de bouw stierf een zee. Het Verdriet van de Zuiderzee staat stil bij de gevolgen voor de mensen, de vogels en de vissen en bij de transformatie van het landschap en het water zelf.

Palingvisser Minne Minnes ziet met lede ogen aan hoe zijn broer Inne meebouwt aan de dijk die het einde van hun vissersbestaan zal betekenen. Grietje Bosker springt van enthousiasme blootvoets en met haar rokken omhoog, als eerste de modderige dijk over, nog voor die goed en wel gedicht is. Een beginnende boer zet alles op het spel om een vruchtbaar bedrijf op te zetten op het veranderende land. Ondertussen botsen jonge palingen hopeloos tegen de dijk aan en voeren de overgebleven zeehonden een heroïsche strijd om te overleven in het brakke water.

Aan de hand van verhalen over mensen en dieren die rond de Zuiderzee leefden wordt de heimwee naar een verloren zee voelbaar gemaakt. Op de melancholische muziek van Sytze Pruiksma en Radek Fedyk bezingt een koor van vogels een universeel en urgent thema: De onomkeerbare impact van het ambitieuze wroeten, graven, slopen en bouwen van de mens.

Speelperiode 10 augustus t/m 11 september als onderdeel van Arcadia2022

Première : zaterdag 13 augustus 2022

“Natuurmonumenten vindt het belangrijk dat de interessante en soms schrijnende verhalen worden verteld over hoe dit landschap is ontstaan en wat de invloed op mens en natuur is geweest. De voorstelling 'Het verdriet van de Zuiderzee' vertelt zo'n verhaal, en we hopen daarmee bij te dragen aan bewustwording over de verantwoordelijkheid die de mens heeft voor onze natuur, in alle beslissingen die we nemen.”

- Hanneke Wijnja, boswachter communicatie en beleven, Natuurmonumenten -

Het Verdriet van de Zuiderzee is een coproductie van **Orkater** en **Schouwburg De Lawei** en komt tot stand in samenwerking met **Natuurmonumenten** en **Kunstkring Gaasterland**.

Je maakt je middag of avond compleet met een *Van Zout naar Zoet diner* (na de middagvoorstelling of voor de avondvoorstelling) of een *Inne & Minne borrelplank* naderhand. Deze arrangementen kun je bestellen tijdens het reserveren van je tickets. Er is keuze tussen een variatie met vlees of een smaakvolle vegetarische versie.



" GJIN C TE HEECH "

Hurde wyn, wylde weagen, heech wetter,
Foar Noordenbos en Ko giet gjin see te heech!

De moaie loften, de warme sinne,
de stilte fan it waad....
Dat alles joech ús ynspiraasje en sjongnocht!
Mei teksten en muzyk fan eigen boaiem
en in knypeach nei 'Toppers van toen'

Spilers:

Aline v.d. Wey- Struiksma

Renie Zuiderveld

Janneke Themmen-Westra

Klaske Kingma- Noordenbos

Oan 'e piano Pieter Jelle v.d. Laan

Lûd: Lourens Koldijk.



Ferslach fan de lytse jûn mei Douwe Kamstra.

Douwe Kamstra wennet al 50 jier yn Hoorn mar is nea op in jûn fan ‘e Fryske Krite wêst. Hy hâld al in jier of tolve lêzingen (yn it Hollânsk) foar Netwerk. Dit binne lêzingen oer ferskate ûnderwerpen. Mei Popke , die er op ‘e folkstún moete hat, hat er ôfsprutsen it ien en oare oer de Fryske (skilders)keunst te fertellen. Foar it skoft giet it oer (Fryske) keunst yn it algemien, nei it skoft oer de skilderkeunst. Douwe begjint syn ferhael (yn it Frysck) mei de fraach wat is keunst? Hy lit foarbylden sjen fan tsjerklikkle boukeunst (âlde Fryske en Grinzer doarps tsjerken en Frânske kathedralen), tsjerklik sulverwurk, stylkeamer yn it Frysk Museum, Russyskse skilderijen. Koartsein alle mooglukke keunst uterings. Douwe lit ferskillen sjen tusken “romaansk” en “goatysk” yn ‘e boukeunst, tusken “romantysk” en “modern yn ‘e skilderijen, Ek hat er it oer “avant garde” en “luminisme” yn ‘e skilderkeunst.”

Nei it skoft lit Douwe ús hiel wat skilderijen sjen fan Fryske skilders. It binne in protte skilderijen fan lânskippen en sylboaten, faeks yn ‘e romantyske styl. We sjogge skilderijen fan Jan Mankes, Jopie Huisman, Jan Sluijters, Germ de Jong, Johannes Elsinga, Jan Kooistra, Maurits Cornelis Escher en nog inkeld oare nammen. Goun fan ‘e oanwezichen binne poerbêstelearlingen. Hja sizze nei in skofke “dat is in Sluijter” of “dat is in Kooistra” .

It rint tsjin tsienen as Douwe der in ein oan makket.
We hiene nog ûren lústerje en sjen kint. Wat kin die
man skoander fertelle. De foarsitter betanket de
sprekker en oerlanget in flesse wyn.



FRYSK FOLKSLIET

Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.
En bûnzje troch ús ieren om!

Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.

It Fryske lân fol eare en rom.

Klink dan en daverje fier yn it rûn.

Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Klink dan en daverje fier yn it rûn.

Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dize âlde namme,
Wêz jimmer op dy âlders great!

Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,

In grien, in krêftich bloeijend leat!

Klink dan en daverje fier yn it rûn.

Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Klink dan en daverje fier yn it rûn.

Dyn âlde eare, o Fryske grûn!



Skûtsjesilen 2022

SKS

30 july	Grou
1 augustus	De Feanhoop
2 augustus	Earnewâld
3 augustus	Terherne
4 augustus	Langwar
5 augustus	Ealahuzen
6 augustus	Starum
8 augustus	Wâldsein
10 augustus	De Lemmer I
11 augustus	De Lemmer II
12 augustus	Snits (finale)

IFKS

13 augustus	Hyelpen
14 augustus	Starum
15 augustus	Heech
16 augustus	Sleat
17 augustus	rêstdei/ynheldei
18 augustus	Ychtenbrêge
19 augustus	De Lemmer I
20 augustus	De LemmerII(finale)



Maaitiid

In sêfte waarme sinnestriel
op lytse kouweblomkes.
De earste stapkes bûtendoar
op nije lytse klompkes.

De knoppen fan de hagedoarn,
se brekke omtrint iepen.
Dy fan de âlde iik noch net,
dy lizze noch te sliepen.

De jerke op de einekoer
sjocht wakker om him hinne.
De bûtergieltsjes sjonge it út,
moatst sjen hoe moai 't wy binne.

In protter sleept wat rûchte mei,
ferdwynt ûnder de pannen.
De mol fernielt myn tegelpaed,
hat hy ek wat om hannen.

In klyster fynt in plakje
yn de klimmer tsjin it skud.
In bosk fan tekens yn ' e tún,
mooi dat it maaitiid wurdt.

STA JIJ
**VIERKANT
ACHTER DE
DE FRIESE
WEIDEVOGEL?**

Help ons het Friese
landschap levendig
te houden en steun
de weidevogels met
een veilige plek om
te landen, te broeden
en te leven.



**ADOPTIEER
EEN m²
WEIDE
GROND** € 7,50
per m²

www.reddeweidevogel.nl

Agrarisch Natuurfonds
Fryslân



Bestjoer Fryske Krite Hoarn

Foarsitter: Tiny Dijkstra – de Vries
Till.: 0227-501050
e-mail:ak.dykstra@quicknet.nl

2^e Foarsitter: Douwe Hoekstra
Till.: 0229-211749
e-mail: ddhoekstra@kpn.nl

Ponghâlder en Popke Slange
Lede- administraasje: Till.: 0229-234881
e-mail: p.slange@outlook.com

Skriuwer: Jan Vogel
Till.: 0229-234012
e-mail: yellowbirds53@gmail.com

Oare bestjoersleden: Renske Nauta-Haagsma
Till.: 0229-237267
e-mail: dirkenrenske@gmail.com

Harmke Burggraaff – Adema
Till.: 0229-238284
e-mail:
harmke.burggraaff@quicknet.com

Eareleden: De hear Popke Slange
De hear Eppie Klozen.

Lief en leed: Tine Bouman-Westra
Till.: 0226-353385

Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn